Ferslach sechsde jiergearkomste Stifting Krúspunt
Sneon 21 maart 2015 yn Akkrum

Ynrin fan 12.00 oere ôf yn gebou de Lantearne. Al gau komme de earste minsken der yn. In bakje kofje, fûstkje en efkes byprate; it meinaam brochje ite wy mei in lekkere kop sop fan it hûs.
Wolkom foar elkenien yn de Terptsjerke om 13.00 troch foarsitter Hinne Wagenaar . In spesjaal wolkom foar Radio 5, dy't hjoed opnamen makket fan de útrikking fan de Bernard Smildepriis. Hinne iepenet de gearkomst mei it lêzen fan in pear rigels út in pinksterpreek fan deselde Bernard Smilde út 1998.
Moaiste Peaskeliet. Der binne 19 ynstjoeringen ynkaam en de sjueryleden Alex Riemersma, Olchert Cleveringh en Edna Zwerver hawwe der twa útkeazen. De earfolle fermelding is foar 'Oerwinner' fan Baukje Nijholt-Mous. De earste priis giet nei 'Peaske', in liet skreaun troch Margryt Poortstra. Geart van der Heide hat der in meldij op makke en mei-inoar sjonge wy dit liet. Ut namme fan it bestjoer oerlanget Toos Reichmann de winners de priis mei in bosk blommen en foar de sjueryleden is der ek in slúfke mei ynhâld.
Húshâldlike saken Om 14.00 oere binne wy wer yn de Lantearne. It ferslach fan de foarige jiergearkomste yn 2015 wurdt goedkard en oan it argyf tafoege.
Jierferslach 2014/15. Alex Riemersma wol graach wat mear witte oer de Pinkstersnein 2015. It is dan 100 jier lyn dat dû. Wumkes de 1e Fryske preek holden hat yn Tsjom en de bedoeling is dat op dizze snein safolle mooglik Frysktalige tsjinsten hâlden wurde sille yn Fryslân. Der is in komplete foarbyldliturgy makke en dizze kin delhelle wurde fia de side fan Kruspunt. Koen Zondag meldt dat it rekôr fan Fryske tsjinsten op ien snein stiet op 34 (1978 by it 75-jierrich bestean fan it KFS). Ellert Jongstra freget yn dizze saak mear oandacht foar de mjirkes dûmny's. Sy soenen hjir ek mear fan op 'e hichte brocht wurde moatte.
It finansjele ferslach fan Piet Miedema makket dúdlik dat der oer 2014 in tekoart is fan € 2.530. Dit komt benamen troch de ienmalige stipe oan de útjefte fan it boek fan Jan Popkema '*De Kristlik-Fryske Beweging yn de tweintichste ieu'* en de Fryske oersetting fan it '*Liedboek*' fan 2013. De kilometerfergoeding foar de bestjoersleden giet fan 28 nei 19 sint. De kaskommisjeleden Ellert Jongstra en Adelgard Willemsma hawwe alles yn goede oarder oantroffen en ûnder applaus wurdt de ponghâlder desjarzje ferliend. Takom jier sil Corry Rozendal it plak ynnimme fan Ellert Jongstra yn dizze kommisje.
Bestjoerferkiezing Hinne Wagenaar sil dit jier ophâlde mei syn bestjoersfunksje yn Krúspunt. Hy hat in soad oare wurksumheden en moat dêr no mear tiid yn stekke. Johannes Bakker fan Stiens wurdt troch de KFFB foardroegen yn dizze fakatuere en om't net ien dêr beswier tsjin ynbringt, wurdt hy mei applaus ferkeazen as nij bestjoerslid.
Meidielings 1. Remco de Leeuw sit yn 'e seal. Hy hat in dokumintêre makke foar Omrop Fryslân: '*De Hear ferstiet gjin Frysk'* oer it al of net brûken fan it Frysk yn tsjerketsjinsten. Hy dielt in 5-tal DVD's út oan ynteressearren.
2. Op 14 novimber sil de 4e Fedde Schurerlêzing hâlden wurde yn Tresoar. Oan Krúspunt is frege om dizze lêzing te fersoargjen en Liuwe Westra sil dit útús namme dwaan.
3. Der sil in oerlis komme mei it NBG oer it al of net frij beskikber hâlden op harren site fan de Nije Fryske Bibeloersetting. Wieb Koehoorn, bestjoerslid fan it NBG en stiper fan Krúspunt sil hjir ek yn dielnimme.
4. Der komt noch in diskusje oer de Kulturele Haadstêd Ljouwert 2018. Moatte de tsjerken hjir ek mear oan dwaan? Moat 'The Passion' yn 2018 nei Ljouwert komme? Ut de seal wurdt opmurken dat der al in tal oerlis-sitewaasjes op 'e aginda stean. Op 25 april is der in wurkdei yn de Grutte Tsjerke en op 12 maaie is der in oerlis yn it Provinsjehûs. It soe moai wêze as Krúspunt hjir ek by fertsjintwurdige is.
Omfreegjen 1.Sipke Huismans komt nei foaren en nimt út namme fan it bestjoer ôfskied fan Hinne as foarsitter. Krúspunt is der kommen as fuortsetting fan it KFS en dêr hat Hinne in grutte rol yn spile. Tige tank hjirfoar! *'Dêr giet er (H)hinne, lit em mar rinne'*.
2. Alex Riemersma hat in tal boeken op 'e piano lein dy't fergees meinaam wurde kinne.
3. Minne Visser freget him ôf wat der bard mei de oare liet-teksten, dy't ynstjoerd binne en gjin priis krigen ha. It soe spitich wêze as dy fuortreitsje soenen. Der moat wol wat mei dien wurde. Mooglik kinne se publisearre wurde op 'e webside. It bestjoer sil hjir nochris goed nei sjen.
Skoft De kofje en tee stean klear en om 14.30 oere hâlde wy efkes skoft. De boeketafel fan de KFFB is wer presint mei Coory Rozendal-Boelens en Mynke Hoekstra-Stiemsma en mannichien skaft oan, wat fan syn gading is.
'100 jier Fryske Preek' No't Abe de Vries net ûnder de oanwêzigen is, nimt Liuwe Westra it wurd en fertelt hy oer de ynhâld en fuortgong fan dit boekje. Koen Zondag, Abe de Vries en Liuwe sels sille hjir in bydrage yn jaan en de bedoeling is dat it klear wêze sil foar de 1e Pinksterdei. Yn de tsjerke fan Tsjom (!) sil it dan jûns yn in fesper-tsjinst it ljocht sjen en oanbean wurde.
Kursus Fryske Teology Hinne is drok dwaande mei de tariedingen foar in kursus Fryske teology, yn 'e mande mei Tytsje Hibma, Alex Riemersma en Liuwe Westra. Hja sille dit út de doeken dwaan op in foarljochtingsdei 20 maaie om 14.00 oere yn Nijkleaster te Jorwert. Earst sil dizze kursus opset wurde foar dûmny's, prysters en oare tsjerklik wurkers. Hja kinne dêr stúdzjepunten mei fertsjinje. As it goed oanslacht sil dit ek oan oare ynteressearren oanbean wurde.

Mjûsekel Ruth Om 15.30 oere sitte wy wer yn 'e tsjerke en harkje wy nei Sipke Huismans dy't de mjûsekel Ruth by ús yntrodusearret. De teksten binne fan Folkert Verbeek en de muzyk is fan Hendrik van der Meer. In diel fan it Kertettekoar sjongt in tal stikken út dizze mjûsekel en wy belibje in prachtige ôfslúting fan dizze Krúspuntdei!
De premjêre is op 16 maaie yn 'e Lawei te Drachten.
Fesper Ta beslút giet Hinne ús foar yn in koarte fesper-tsjinst en betanket de oanwêzigen foar harren komst en bydrage en winsket elkenien wol thús en oant sjen!

Warner Veltman, skriuwer